# Frysk yn it rjochtsferkear

Postúm, lykwols yn syn hûndertste bertejier hat Fedde Schurer dochs noch syn sin krigen. It Iepenbier Ministearje presintearre freed 11 septimber - in foege heale ieu nei dy ferneamde oare (kneppel)freed 16 novimber 1951 - in Frysktalige brosjuere dy't in oersjoch jout fan syn aktiviteiten. Ofsier fan justysje Oebele Brouwer lange de brosjuere op it Provinsjehûs oan deputearre fan kultuer dr Bertus Mulder oer. Brouwer ornearre dat op dit stuit mar twa persint fan syn 'klanten' it Frysk brûkt. Blykber wurket yn en om de rjochtseal itselde ferskynsel as eartiids en noch fakentiden mei it Wurd fan God, mei hegere machten kommunisearret men ornaris yn it Hollânsk. Tenei hoecht soks net mear. It Frysk hat nammers as twadde rykstaal sûnt 1997 offisjele status yn it rjochtsferkear yn Fryslân. De Fryske Akademy is boppedat dwaande mei it gearstallen fan in juridysk wurdboek, mei Nederlânske yngongen en harren Fryske ekwivalinten. De kreaze brosjuere, printe by de eartiidske Steatsútjouwerij, no SDU, yn Den Haach jout alfêst in oersjoch fan taken, foech en rjochtsgebieten fan it IM. Boppedat kin men no yn in Frysk gewaarwurde dat alle 36 sekonden yn Nederlân in auto skansearre of stellen wurdt. Dat it IM it goed foar hat mei it Frysk blykt út de kwaliteit fan it printwurk, dat gâns better is as by de Hollânske ferzje. No de taalfeardigens fan de steande magistratuur noch en der is op-en-nij in barriêre sljochte.

*M.S.*




---

# Eekhoffprijs 1999

Al sinds jaren voert het gemeentebestuur van Leeuwarden een actief stimuleringsbeleid met betrekking tot het lokaal-historisch onderzoek van de eigen gemeente. Een van de middelen daartoe is de in 1991 ingestelde, thans vierjaarlijkse Eekhoffprijs. Hij werd in 1992 en 1995 uitgereikt aan respectievelijk drs Meindert Schroor voor zijn artikel 'De demografische ontwikkeling van Leeuwarden in de zeventiende en achttiende eeuw (1606-1793)' en aan drs Harm Nijboer voor diens studie 'Leeuwarden tussen middeleeuwen en moderne tijd. Verkeersnetwerken, stedelijke systemen en economische ontwikkeling, ca. 1500-ca.1800'. Beide bijdragen verschenen in de vierde (1993) en vijfde aflevering (1995) van de *Leeuwarder Historische Reeks*.

De prijs van f 5000,- wordt toegekend aan de beste ingezonden studie op het gebied van de geschiedenis van stad en/of platteland van Leeuwarden. De studie moet een omvang hebben van tenminste 7500 woorden en niet eerder zijn gepubliceerd. Een nadere thematische beperking is niet gesteld.

Tot 1 april 1999 kunnen werkstukken worden ingezonden bij Burgemeester en Wethouders van Leeuwarden, ter attentie van het Gemeentearchief, Grote Kerkstraat 29, 8911 DZ Leeuwarden. Beoordeling ervan vindt plaats door een jury van drie deskundigen. De prijs zal worden uitgereikt rond de maand juni. Inzending houdt in dat men akkoord gaat met eventuele publicatie van de inzending in de *Leeuwarder Historische Reeks* of op een andere wijze. Voor nadere inlichtingen kan men zich steeds wenden tot ondergetekende, tel. 058-2338399.

*K. Zandberg*